

**Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis (FFU)***

190506 [4]

Itens/Drachten, 6 maaie 2019

Ûnderwerp: FFU-jierferslach 2018 en de finansjele bydrage foar de FFU oer 2019 en/of eardere jierren

Achte leden,

Ûs skriuwer Sytze T. Hiemstra hat wer flyt dien op in oersjoch fan wat der yn 2018 op it paad fan it bestjoer kommen is. It ferslach is net allinnich in ferantwurding fan it útfierde belied, mar ek om foar de takomst oan te jaan wat der op it Fryske ûnderwiismêd te rêden is. Dan docht spitigernôch al wer bliken dat op alle skoallen yn Fryslân lykweardich ûnderwiis yn it Frysk noch net fan 'e grûn kommen is.

Wittenskiplik is fansels al lang oantoand dat 'goed' meartalich ûnderwiis net 'skealik' is foar de ûntwikkeling fan de bern. Boppedat is meartaligens fan praktysk belang yn ús globalisearjende wrâld. Dochs fersuchtsje Varkevisser en Walsweer yn harren wiidweidich ûndersyk mei as titel 'Rapport Taalplan Frysk: **It is mei sizzen net te dwaan**' (2018): *'It liket derop dat in soad learkrêften noch de djip ferankere oertsjûging hawwe dat de taal fan it ûnderwiis Nederlânsk wêze moatte soe'* (konklúzjes primêr ûnderwiis, s. 220).

De yn de 19de iuw opleine skoaltaal lit him dus net maklik syn monopoaljeposysje ôfnimme. Los fan foldwaan te moatten oan lanlike kwaliteitseasken, fielt de trochsneed learkrêft him/har it meast fertroud mei it lesjaan yn it Hollânsk. Yn de eigen skoaltiid en oplieding waard dat as 'normaal' beskôge en bern en âlden fine dat hast ek noch altiten 'fanselssprekkend'. Op guon skoallen yn de gruttere plakken moat in learkrêft somtiden tsjin in anty-Fryske hâlding fan bern opbokse.

Ûnder ynfloed fan de trochgeande globalisearring komt ek de posysje fan it 'Nederlands' yn ûnderwiislân ûnder druk te stean. Yn it fuortset ûnderwiis nimt it ûnderwiis mei it Ingelsk as fiertaal ta en net sa lang lyn makken de kranten melding fan in groep heechleararen, skriuwers en oaren, dy't tsjin de feringsking fan it akademysk ûnderwiis yn Nederlân protestearren. Is *'Buurmans leed troost?'*

It opkearen en ferkringen fan 'lytsere' talen út it iepenbiere libben en it ûnderwiis hat alles te krijen mei de noch altiten oerhearskjende neoliberale merkwerking. It ekonomysk motyf stiet yn dat tinken sintraal en wurdt de lêste tiid fersterke troch opkommend steatsnasjonalisme as reaksje op migraasje en Euro-skepsis. Jins (minderheids)taal as 'kultuerbesit' en as wichtich skaaimerke fan jins 'identiteit' as basis yn in meartalich ûnderwiiskonsept wurdt fan minder belang achte as it kommunisearje kinnen yn talen mei mear taalmacht. Mei as gefolch dat yn it ûnderwiisbelied foar it Frysk net de *lykweardigens*, mar de tafallige *ambysje (hobby) fan learkrêften foar it Frysk* de haadrol spilet. De ûnderwiisinspeksje wol dy kant ek út.

Noch tank foar de reaksjes op in trijetal fragen fan ús kant oer it nije ûndersyk fan de ynspeksje. Neffens dy skriuwers heart it Frysk der gewoan by en it is dan ek net nedich om de bern nei harren miening te freegjen oer it belang fan de lessen Frysk. Soks bart ek net foar it Hollânsk of oare fakken. De ynspeksje soe him rjochtsje moatte op it neigean fan de resultaten by it fak Frysk.

Spitigernôch is it taseine *oerlis* oer it Frysk yn de Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken ferskood. It Frysk hat blykber gjin prioriteit en is no fêststeld op 26 juny 2019 om 11.00 oere. Letter sille wy jimme dêr mear ynformaasje oer takomme litte. Alhoewol't dat oerlis op in minder gaadlike tiid (fakânsje) falt, hoopje wy lykwols wol mei in busfol minsken nei De Haach te gean. De reaksje fan ûnderwiisminister Slob op krityske fragen fan guon Keamerleden, nammentlik dat neffens him alles prima regele is en dat it sa wol goed komt, giet folslein foarby oan de tige tekoartsjittende praktyk yn fierwei de measte skoallen .

Foarôfgeand oan ús bestjoersgearkomste fan 1 maaie 2019 is de kaskontrôle fan de FFU oer 2017 en 2018 dien troch Piter Dykstra en Aant Mulder en de boekhâlding yn oarder befûn. Wy hawwe yn de oanbelangjende gearkomste ús skathâlder ûntlêstge (desjarzje ferliend).

Wy binne der wiis mei dat guon leden harren finansjele bydrage foar 2019 al betelle hawwe (tige tank!). Foar de measte oare leden jildt it fersyk om de jierlikse bydrage fan € 10,- (in heger bedrach is fansels altiten wolkom!) meikoarten oer te meitsjen op **NL 17 INGB 0002 3560 38** mei fermelding **ledejild 2019** (en mooglik eardere jierren as soks noch net oermakke wie) op namme fan: **FFU Feriening Frysk Underwiis, E. Knotter, ponghâlder FFU, De Sweach/Beetstersweach.**

Mei freonlike groet,

Tom Dykstra, foarsitter